



Orgaan foar de Fryske taal

POSTADRES

/ BHP Flex - Blokhúspoarte

\ Blokhúsplein 40

/ 8911 LJ Ljouwert

/ ynfo@dingtiid.nl

\ www.dingtiid.nl

/ @dingtiid

Ljouwert, 19 jannewaris 2017

Underwerp: Presintaasje Underwiisadvysrapport Fryske taal oan deputearre Poepjes

Bêste parse,

Taaladvysorgaan DINGtiid hat him it ôfrûne jier ferdjippe yn de stân fan saken fan it Frysk yn it ûnderwiis op de ferskate learnivo's, sawol as fak as ynstruksjetaal. Wy hawwe professionals út it ûnderwiisfjild (fan berne-opfang oant en mei it heger beropsûnderwiis) frege hoe't it der yn de praktyk foar stiet mei it Frysk. Fierder is frege wêr't ferlet fan is en hoe't dat te realisearjen is.

DINGtiid hat op basis fan dy ynbring út it ûnderwiis it advysrapport *'Meartaligens as kwaliteit en doel. In advys oer Frysk yn it ûnderwiis'* opsteld. In helder advys, mei oanbefellings foar it Frysk yn it ûnderwiis op sawol de koarte as de lange termyn, dat oanslút by sawol provinsjale, lanlike as ynternasjonale ûntwikkelings.

Presintaasje Underwiisadvysrapport

DINGtiid sil dit advysrapport op **freed 3 febrewaris 2017 om 11.00 oere** presintearje oan deputearre Sietske Poepjes. De deputearre krijt it rapport út hannen fan professionals út it ûnderwiis. Dat fynt plak op it **CSG Liudger yn Burgum** (Tjalling H. Haismastraat 1 yn Burgum). Graach nûgje wy jo as parse út om by dizze presintaasje oanwêzich te wêzen.

10.45 ynrin mei kofje en tee

11.00 iepening troch presintator Raynaud Ritsma

11.10 DINGtiid-bestjoerslid Freddy Weima ljochtet it advysrapport ta

11.20 professionals út it ûnderwiis oan it wurd

11.30 oerhandigjen advysrapport oan deputearre Sietske Poepjes

Rapport ûnder embargo ûntfange?

DINGtiid set it rapport freed 3 febrewaris 2017 nei de presintaasje online op de eigen webside. Mochten jo je ynhâldlik better taryede wolle op de presintaasje, dan is it mooglik om it advysrapport ûnder embargo op te freegjen by it sekretariaat fan DINGtiid. Jo krije it rapport dan in wike yn it foar tastjoerd. Der mei dan net earder as nei de presintaasje oer it advys publisearre of út sitearre wurde.

Reportaazjereeks oer it Frysk

Mochten jo yn it foar al omtinken jaan wolle oan hoe't it steld is mei it Frysk yn it ûnderwiis, bygelyks as reportaazjereeks, dan wol DINGtiid jo fansels graach helpe troch jo yn kontakt te bringen mei relevante skoallen. Jo soenen bygelyks in searje



Orgaan foar de Fryske taal

meitsje kinne oer it Frysk by respektyflik de berne-opfang, it basisûnderwiis, it middelber ûnderwiis en it heger beropsûnderwiis.

Oanmelde

Graach fernimme wy oft jo by dizze offisjele presintaasje oanwêzich wêze kinne. Oan- en ôfmeldings ûntfange wy graach op ynfo@dingtiid.frl

Mei freonlike groetnis,

Tjallien Kalsbeek
Sekretariaat DINGtiid
ynfo@dingtiid.frl